

Pieter Boeles, samler fan almenakken mei Fryske stikjes

Philippus Breuker

Summary

In the fairly recent studies of Frisian almanacs little attention has been given to the aspect of collecting. It appears that around 1780 amateurs begin to collect almanacs with Frisian items and, in the early nineteenth century, with the rise of interest in the historical life of the people, scholars too become attracted to them. Pieter Boeles (1795-1875) was one of these, as appears from a collection of items that surfaced in 2006 among which a number of hitherto unknown texts. Possibly, the unique copy of the Oprecht nieuw Hallumer almanach (1779), which came to light in 2010, was once part of his collection.

Almenakken hawwe al lang it omtinken fan ûndersikers hân, ek yn Fryslân, al hat it duorre oant likernôch 1970 ear't se ûnderwerp fan stúdzje waarden. Foar de tiid wie it mear in saak fan sammeljen en beskriuwen. Ynstitúsjoneel sammeljen barde foaral troch W. Eekhoff fan it Ljouwerter Stedsargyf, it Frysk Genoatskip en it Frysk Selskip en moat om 1860 hinne begongen wêze.¹ De niget gong foaral út nei almenakken mei Fryske stikjes. Dy stikjes waarden dan ek wol út de almenakken helle en by elkoar ynbûn.² Om 1920 hinne, grif op inisjatyf fan G.A. Wumkes, begong de Provinsjale Biblioteek systematysk almenakken mei Frysk te sammeljen.³

It wie gjin tafal dat om 1970 de stúdzje opkaam, want dat barde yn it ramt fan it ûndersyk nei populêre kultuer en dat datearret út dy tiid. Sa wie it ek mei Tony Feitsma, de pionier op dit ûndersyksmêd yn Fryslân. Nei't se yn 1970-1971 in wurkkolleezje oer in bepaald, literêr, aspekt holden hie, sette se de stúdzje fan almenakken yn 1975 yn literatuersosjologysk ramt.⁴ Op in soad fragen dy't sy steld hie en ek op oaren besocht ik op basis fan in sa folslein mooglike ynventarisaasje fan ea neamde of bewarre eksimplaren yn 1978 in antwurd te jaan, al bleau folle noch ûndúdlik en is dat noch altyd sa.⁵

Ien fan de dingen dêr't dat foar jildt, is de skiednis fan it sammeljen. It docht bliken dat om 1780 hinne leafhawwers opkomme dy't almenakken mei Fryske stikjes begjinne te sammeljen. Dat sil grif gearhingje mei it oplibjen fan de Frysktalige literatuer yn de foargeande jierren. In soad fan dat wurk ferskynde yn almenakken. Troch it foar it ljocht kommen fan in konvolút mei stikjes koe ik yn 1978 mr. Age Johannes Looxma

(1764-1825) as in iere samler oanwize.⁶ Hy wie in leafhawwer sûnder mear. Neist leafhawwerij yn it Frysk hienen wat letter oaren ek wittenskiplike niget. Sa'nen wie Ecco Epkema, dy't yn syn wurdboek op Gysbert Japix (1824) gauris in almenakstikje as fynplak fan in wurd neamt. Dêr is no in tredde oan ta te foegjen, ds. Pieter Boeles (Ferwert 1795-Noorddijk 1875). Ek by him spile wittenskiplike belangstelling mei. Wat har yn it almenakfrysk oanloek, wie de folkstaal. Dy folle it Frysk fan Gysbert Japix oan. Niget oan folkstaal wie wat nijs. Fan 1806 ôf groeide dy mei it ûntstean fan de Romantyk fan it histoarysk folkslibben hurd.⁷

Pieter Boeles wie in leafhawwer fan it Frysk en ien dy't sels ek wol Frysk skreaun hat. It wie in boeresoan út Ferwert. Syn pakesizzer, mr. P.C.J.A. Boeles, skriuwt as er it hat oer syn heit, mr. W.B.S. Boeles:

Zijn vader, Dr. P. Boeles, onder Ferwerd geboren op de terp, die eens het oude klooster Foswerd had gedragen, was ook van afkomst zoo Friesch als men het maar hebben kan. Van de Friesche taal- en letterkunde was hij een kenner en liefhebber. Daaraan herinneren nog een zeldzame eerste druk van Gysbert Japix's "Friesche Rymlerije" van 1668 en een eerste uitgave van "De Lape Koer" van 1822, hem vereerd door Dr. J. H. Halbertsma naar aanleiding van hulp voor het bekende, in 1823 te Bolsward gevierde Gysbert Japiksfeest en eindelijk een vertaling van het evangelie van Lukas (cap. 4-13) in het Friesch van de hand van mijn grootvader. Vermoedelijk omstreeks 1823 bewerkt, toen hij predikant in Friesland was ...⁸

Ut 1823, doe't er as dûmny te Peinjum stie, datearret yndied it earste teken dat er niget oan Frysk hie. Dat is in brief fan Paulus Scheltema, dy't skreaun waard op 16 oktober 1823.

Wirdde Frjeuon

Kirts hârd ick fen en gheleerde, det er nin Boer wier di Gijsbert Japicks koe læzze, in nin brief schrjuewe ijn sijn aijn tael. Det dije me nij; in antwirde sa goed az in Perfester ijn t grien. Ick teag oon 't wirck, in schrjuewe eat oer Frieslans Lanbouw, sinz dij leatste fjftigjier; sa 't hir neuwcke gjiet. Jo mejij it læzze in læzze litte; mar, ick wol it wer ha mejij it grienne Boeckje dear J... 't wetter fen uwm 'e toâscken roân. Ha ærder ha better mar jo moatte mij dij sels t'huwz bringe, op 't wird oaf; in wol 't wijv den mejij komme, iz goed, dan mât jimme in nacht bljeuwe, oarz ha we nin tijed uwm e guwl fen e stal ta liedden.

Uwm det dij Perfester it seij det er nin Boer wier, dij sijn aijn
tael forstoe, hab ick dit stick, dear jiette sa al het ijn stiet, ijn tua
taelen schrjuen. It iz sa 't iz! Ick bljeuw neij frjeunlicke groete
oan jiemme Beijde; mej folle extuum

Jimme Tjenner in frjeun

Poules Scheltema

Jiemme sille mijn han jiette wol læzze kenne oaf izze het aod.⁹

It oare jiers makke Boeles in oersetting yn it Frysk fan Halbertsma syn Toegift op de rede dy't dy by de Gysbert Japixbetinking fan 7 july 1823 holden hie. Dy oersetting waard publisearre yn de *Hulde* oan GJ fan dat jiers.¹⁰ Mooglik hat it doe west dat Joast him út tank in eksimplaar fan de *Lapekoer* fan 1822 jûn hat.

Boeles komt net foar ûnder de lju dy't foar de betinking útnoege waarden.¹¹ Likemin hie er yn 1821 yntekene op Epkema syn útjefte fan Gysbert Japix. It liket der dus op dat de niget oan Frysk by Boeles op syn minst troch dat Gysbert Japixfeest befoardere is. It kin ek wol wêze dat Scheltema dêr noch wat ta dien hat. Boeles en hy hienen in mienskiplike kunde yn de persoan fan de frederjochter Petrus de Kock fan Bolsert. Dy wie wol útnoege, krekt as Scheltema trouwens.¹²

Dochs sil dy niget der al earder wol west hawwe. Boeles blykt nammentlik almenakken mei Fryske stikjes samle te hawwen. Op 1 novimber 2006 waarden by Antikwariaat De Tille trije bondeltsjes mei losse almenakstikjes út de achttjinde en de iere njoggentjinde ieu feild.¹³ Twa bondeltsjes wienen alhiel of sa goed as alhiel yn it Frysk, de tredde sieten mear Nederlânske stikjes yn. Guodden fan dy Fryske stikjes wienen oars net bekend. By de ûnbekenden binne in oantal ûnbekende werprintingen. Twa fan dy werprintingen binne oars net oerlevere. Dat is de "Kluchtige samenspraek tusschen een Schipper en Boer Die bij malkander op de weg kwamen..." út in almenak fan 1761, sa't derby skreaun is,¹⁴ en dat in werprinting fan in stik fan likernôch 1710 is, foar 't neist fan de hân fan Douwe Simonides.¹⁵ En dat is de "Samenspraak tusken en Schipper dy Boer west is en en Bakker dy Boer wudde wol oer de Boerkery".¹⁶

Ek net oars oerlevere binne werprintingen fan parten fan oars ek wol bekende teksten. Dat binne *Maayke Jakkelis* (neffens in hânskriftlike oantekening op it stikje út in almenak foar 1820) en it earste stik fan de *Tankbre boere zoon* út Suringar syn almenak foar 1823. En ek sit der as in gehiel fan fjouwer stikjes in werprinting fan *De burkerij* yn, dêr't gjin jier of almenak fan by skreaun is, mar dat mooglik dochs te datearjen is. De fjouwer almenakken sille fan

1797 oant 1800 of fan 1811 oant 1814 wêze. Der ûntbrekt oan de stikjes fan *De burkerij* ien, it tredde. Dat is bewarre yn de *Franeker almanach* foar 1799 fan Seydel, dêr't it Histoarysk Sintrum fan Ljouwert in eksimplaar fan hat of hie. Stomtafallich ha iksels krekt dat tredde stikje ek en dat sit yn it *Vriesch almanak* foar 1813 fan Van Altena. Van Altena, dy't de saak fan Seydel oernaam, moat noch in restant fûn hawwe, want it giet om eksakt itselde setsel! Sa kinne de stikjes fan *De burkerij* yn de samling-Boeles dus ek fan 1811, 1812 en 1814 wêze. De kâns dat it dy lêsten binne, liket my sjoen de datearring fan de oare werprintingen it grutst.

By it belang fan de samling om dy unike stikken kaam noch wat oars. Feilingnûmer 807, ien fan de trije bondeltsjes, blykt yn 1968 yn *Us Wurk* troch G.L. Meinsma beskreaun te wêzen. Hy hie it in pear jier earder yn hannen krigen, sa skreau er, mar wêr't er it wei hie, sei er net. Dat is noch net bekend, mar no die al bliken dat it ea út de bekende famylje Boeles kaam, want dêr wize oantekens yn ien fan de oare bondeltsjes op. Dêr steane nammentlik de initialen P.J.B. yn en boppedat in oantekening fan (W.B.S.) Boeles dat hy it oan Gerben Colmjon liend hie en dat dy it by fersin in stimpel fan de Provinsjale Biblioteek jûn hie. P.J.B wie dus Pieter Boeles, de Peinjumer en letter Grinslanner dûmny.¹⁷ Meinsma is in pear jier lyn stoarn en sa sille de stikken by De Tille bedarre wêze.¹⁸

Om wat sizze te kinnen oer de fraach wannear't Boeles begongen is mei sammeljen, neam ik de jierren fan ferskinen en de nammen fan de almenakken foarsafier't dy út de stikjes sels blike of rekonstruearre wurde kinne. Der moat betocht wurde dat in almenak yn novimber fan it jier foarôfgeande oan it jier op it titelblêd ferskynde. As net oars blykt, hâld ik it ferskiningsjier oan. Se binne dan út almenakken foar de jierren 1761 ("uit een almanak ca. 1761", fan widd. Olingius te Warkum), ca. 1765, *Nieuw Leeuwarder almanach* foar 1778,¹⁹ *Franeker almanach* foar 1787 (neffens in oantekening op it stikje), *Franeker almanach* foar 1797 oant 1800 of *Vriesch almanak* foar 1811 oant 1814 fan Van Altena, 1820 (neffens in oantekening; de titel fan it stikje is: Fries Boers in Vertellingen), *Vriesch almanak of tiidwizjer* fan Suringar foar 1823, Suringar 1827, Suringar 1831, Suringar 1832, Suringar 1833, Suringar 1837, Suringar 1838, *Vriesche almak of tiidwizjer* fan Van den Bosch foar 1850 en *Van den Bosch* 1852. In pear litte har min datearje. Oan dy jierren te sjen soe Pieter yn 1810 begongen wêze kinne mei sammeljen, want doe wie er fyftjin. De earderen wie er te jong foar. Mar wis liket wol dat er dat yn alle gefallen al die yn 1820 of 1822.

It is dúdlik dat er Fryske stikjes samle hat, mar de fraach is noch hoe't er se samle, de stikjes allinnich of de almanakjes sels mei de stikjes der-yn, dy't der dan letter út helle binne. Dat is net maklik út te meitsjen. It bondeljen moat wol yn ien kear bard wêze, want de bynwise fan alle trije

bondeltsjes is unifoarm. It liket my ta dat Colmjon se al as stikjes liend hat. It stimpel fan de P.B.F. dat er der by fersin opsette, stiet nammentlik op it earste stikje yn ien fan de bondeltsjes.

Taheakke

Dat wienen de trije bondeltsjes mei almenakstikjes. Mar der is noch wat oars. Men soe graach witte wolle wat de skiednis is fan it unike eksimplaar fan it *Oprecht nieuw Hallumer almanach* foar 1779, dat J.J. Loopstra yn *It Beaken* fan 1940 beskreau. Loopstra liende it yn 1938 fan in lid fan it Frysk Selskip yn Hilversum, waans heit folle mei Frysk pield hie. Loopstra hat it eksimplaar blykber krigen, want in goeie tritich jier lyn hat De Tille it út syn neilittenskip kocht.²⁰ Dy hat it yn 2010 oan Tresoar skonken.²¹

Dat it om deselde almanak giet as dy't De Tille yn 2010 oan Tresoar skonk, is in útmakke saak. Deselde letters op it titelblêd binne ôfsliten en de ynhâld yn beide is ynkompleet, mar wol gelyk.

Winliken giet it om mear as de *Oprecht nieuw Hallumer almanach* allinnich: it giet om twa edysjes fan dy almenak. Los by de almenak ynnaaid is nammentlik it *Jonge Lieuws boosk*, dat yn in oare edysje fan itselde almenak fan itselde jier sitten hat.²² Yn dit bysûndere eksimplaar stiet dus it measte oare wurk fan Van der Ploeg, dat ûntbrekt yn de trije konvoluten. Soe it dêrom miskyn ea ta deselde samling heard ha? Dêr soenen útslútsel oer jaan kinne de hânskriftlike ferbetteringen en de oanfolling fan it ûntbrekkende slot yn "Forreden" en "Beschriewing fin M. Jakkelis" út de werútjefte út 1820 fan de samling-Boeles, as dy teminsten makke wêze soenen neffens it origineel fan it *Oprecht nieuw Hallumer almanach*. En dêr liket it wol op. De ferbetteringen binne yn alle gefallen krektengelyk as yn de *Almanach*. De hânskriften lykje tige op elkoar, al binne der ferskillen. Dy soenen lykwols taskreaun wurde kinne oan it ûnmiskenbere ferskil yn netheid. It iene is tige dúdlik skreaun, it oare, hoewol goed dúdlik, yn haast.

En soe Pieter Boeles it dan fan thús yn Ferwert hawwe? Ik tink hast net dat it noch in rol spile hat dat de tsjerke op it titelblêd de tsjerke fan Ferwert wie, mar tafallich soe it oars wol wêze.²³ It soe ek net de iennichste kear wêze dat ien út Ferwert om 1778 hinne Fryske almenakken samle. Dat die Age Looxma mei syn Ferwerter konneksje ek.²⁴

Literatuer

Almenakjes mei "krityske kolder", yn: *Meidielingen Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam* I (1972) 125-220.

Boeles, P.C.J.A., Herinneringen en indrukken betreffende het Friesch Genootschap en zijn museum, *De vrije Fries* 28, ôfl. 3 (1927) 334-352.

- Breuker, Ph.H., Fryske almenakken foar 1850, *De frije Fries* 58 (1978) 35-55; *id.*, 59 (1979) 93-107.
- Breuker, Ph.H., De almenakstikken fan de bondel-Looxma, yn: O. Vries (ed.), *Fryske almenakstikken út de 18^{de} en it begjin fan de 19^{de} ieu* (Grins 1987) 3-14.
- Breuker, Philippus, Fryske almenakken, yn: Jacob van Sluis (red.), *PBF. De Provinsjale Biblioteek fan Fryslân, 150 jaar geschiedenis in collecties* (Ljouwert 2002) 144-149.
- Breuker, Philippus, De Romantyk fan it histoarysk folkslibben: Petrus Wigeri sprekwurdsamler?, *Us Wurk* 45 (2010) 121-131.
- Feitsma, A., Literatuersosjologyske fraechstellingen, *Trotwaer* 7 (1975) 114-124.
- Kooi, J. van der (ed.), *Frysk út 'e 17^{de} en 18^{de} ieu. Oanfollingen diel II*. Grins 1972.
- Loopstra, J.J., Fen in âld Almenak, *It Beaken* 2 (1940) 187-192.
- Meinsma, G.L., Fryske almenakstikjes, *Us Wurk* 17 (1968) 4-6.
- Reker, S.J.H. (ed.), P. Boeles, *Idioticon Groningantum. Vergelykend woordenboek van den Groningschen tongval*. Groningen/Bedum 1997.
- Salman, Jeroen, *Populair drukwerk in de Gouden eeuw: de almanak als lectuur en handelswaar*. Zutphen 1999.
- Smit, Jo (ed.), *Dit is ien seldzum almenak*. Ljouwert 1973.

Notes

1. Yn de *Catalogus ... Friesch Genootschap* (1862) en de *Catalogus ... Stedelijke Bibliotheek van Leeuwarden* (1870) steane al in oantal, mar hiel folle binne it noch net. Sa binne der op in letter fuortrekke almenak fan 1635 nei noch gjin almenakken fan 1670 of earder by.
2. Tresoar hat út de biblioteek fan it Selskip seis bondeltsjes, dy't oan datearring fan de stikjes en oan de oantekeningen te sjen gearstald binne troch G. Colmjon (BS 8b 1-4 en BS 8c 1-2). Yn de *Catalogus der Bibliotheek van wijlen W. Eekhoff* (1880) komme as nr. 475 foar: 'Stukjes in de friesche taal uit oude almanakken, alsmede friesche kronyken en poëzie ingel. uit oude almanakk. 1 pakje'. De Fryske stikjes fan de almenakken fan de samling-Looxma waarden om 1900 derút helle en by elkoar yn in bondel naaid (Breuker, Bondel-Looxma (1987) 3).
3. Breuker, Fryske almenakken (2002) 149.
4. Almenakjes mei "kritiske kolder" (1972); Feitsma, Literatuersosjologyske fraechstellingen (1975).
5. Breuker, Fryske almenakken (1978 en 1979). It Fryske ûndersyk is ferwurke yn it standertwurk oer almenakken yn Nederlân fan Salman, *Populair drukwerk* (1999).
6. Breuker, Bondel-Looxma (1978), werprinte yn Vries, *Fryske almenakstikken* (1987) 3-14.
7. Sjoch oer de Romantyk fan it histoarysk folkslibben Breuker, Histoarysk folkslibben (2010).
8. Boeles, Herinneringen (1927) 335.

9. Famylje-argyf Boeles, Baarn. J. is Joast Halbertsma, de professor sil Wassenbergh wol wêze. It griene boekje is nei alle gedachten 260 hs, Tresoar, dêr't ûnder mear in ferzy fan de Tesck-laow yn stiet. Der is ek noch in Fryske brief oan Boeles fan 6 okt. 1824. Boeles syn brieven binne foarsafier't ik wit, net bewarre.
10. De oersetting is op 1824 datearre.
11. St. Anthonygasthús 325, I nr. 8; argyf St. Ant.gasthús, Boalsert.
12. Yn in brief fan 6 oktober 1824 fersiket Scheltema Boeles om De Kock de groeten te dwaan. En hy foeget dêr yn syn rûge rjochtutens oan ta: "Wol Hij Waensdeij mej komme, dat iz goed, mar ick ken him 's nagts neat hâodde, oaf jiemme mâtte bij eltsoar slijepe." Widner De Kock wie april dat jiers yn Frjentsjer trouw mei de húsfrousfaam fan Scheltema. It hat wol kâns dat se elkoar op har brulloft troffen hawwe. De De Kock'en hienen in pleats yn Peinjum en Petrus wie dêr ek opgroeid, mar dat lêste hie foar Boeles syn tiid west.
13. Tresoar hat se doe kocht. De synjatueren binne Wb 44, Wb 49 en Wb 50. In digitale beskriuwing fan de ynhâld is op it webstee fan Tresoar te finen fia: almenakstikjes.
14. Utjûn troch Van der Kooi, *Frysk* (1972) 128-135.
15. Breuker, Almenakstikken (1987) 6.
16. Utjûn troch Van der Kooi, *Frysk* (1972) 226-233. De útjefte sil rom nommen fan om 1800 hinne wêze. Oars ek net bekend binne de beide gedichtsjes "De rijke earme" en "De earme man" út in almenak fan Van den Bosch foar 1850. Hiel folle ûnbekends is it dus net, minder yn alle gefallen as yn de bondel fan Age Looxma, dy't yn 1977 by De Tille opdûkte.
17. Boeles hat in *Idioticon* fan it Grinzers makke, dat yn 1997 útjûn is troch Reker.
18. It Frysk Ynstitút te Grins hat de almenakstikjes fan Meinsma liend en foarsafier't se ûnbekend wienen, yn 1972 útjûn (Van der Kooi, *Frysk* (1972) 4).
19. Utjûn út it eksimplaar fan Meinsma troch Van der Kooi, *Frysk* (1972) 145-160 (cf. 4). Dat it om de *Nieuw Leeuwarder almanach* giet, blykt by ferliking mei de útjefte fan dy almenak troch Smit (1973). De ferskillen binne te ynterpretearjen as ferlêzingen fan Van der Kooi, dy't fan in fotokopy wurke (meid. fan Van der Kooi, 1977).
20. Underwilens hie it Frysk Ynstitút yn Grins de almenak blykber liend fan Loopstra, want Tony Feitsma helle der yn 1957 út oan en publisearre derút yn 1961. Ik ha him yn 1980 fan Sipke Dykstra liend. It belang fan dizze almenak is dat wy no de stikken yn har oarspronklik ferbân hawwe en boppedat witte wat de tekst yn de earste printinge wie. Dat is foar it taalûndersyk fan belang, want de stikjes fan Maayke Jakkelis binne in soad werprintingen fan oerlevere sûnder dat it jier fan útjefte bekend is.
21. It is opnommen yn de Digikolleksje fan Tresoar (te finen fia Skatkeamer).
22. Sjocht men goed, dan sit der mear yn as wat yn de *Oprecht nieuw Hallumer almanach* foar 1779 stiet. Der is nammentlik oan de almenak knoeid. Der is letter in stik by yn naaid. Dat is te sjen oan de ferskillende kleuren triedden dêr't de katernen mei ynnaaid binne. Dat tafoege stik is it *Jonge Lieuws Boosk*. Dat kaam itselde jier ek yn in *Oprecht nieuw Hallumer almanach* út. Yn de advertinsje, dy't de útjouwer yn 1778 yn de *Leeuwarder Courant* sette liet, is nammentlik sprake fan twa Hallumer almenakken! Yn de iene stie neffens dy advertinsje it *Jonge lieuws Boosk*, yn de oare it ferfolch fan Maayke Jakkelis en

wat hjit de Oprieuchte Wiersizzer. Dat is sûnder mis de Boereprognostikaasje fan Petrus Baardt. Beide steane yn de komplette almenak dêr't it hjir om giet. Men moat jin oars net foarstelle dat dy twa almenakken folslein ferskillend wienen. Yn in almenak sitte ek altyd stikken mei de kalinder, de eklipsen, de wettergetiden en soks mear. Dat is it saaklike part. Dêrachter sitte de fermaaklike stikjes. Yn it iene gefal hat dat dus it *Jonge Lieuw's Boosk* west, yn it oare it ferfolch fan Maayke Jakkelis en de Wiersizzer.

23. It titelprintsje is faker brûkt. It is foar it earst bekend út *Den oprechten Ferwerder Almanach* foar 1653. En dêr stiet om it wapen mei de sân stjerren (dat is trouwens it wapen fan Ferwerderadiel) Fer wert.
24. Breuker, Almenakstikken (1987).

